


De Twirre



maart 2018



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 35e jiergong nr. 1: maart 2018. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 april by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Remke van Marle remke44@gmail.com		0541 - 51 4781
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 17,50 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 30 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekken-nûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

Op de kritejûn hat Sinie Kootstra út Hengelo har opjûn as lid fan ús krite. Op de jiergearkomste joech frou Van Lunteren - Terpstra út Enschede har ek op as kritelid. Wy hoopje dat se it by ús nei 't sin ha sille.

Belangrike data

- Freed 6 april** Repetysje van de Twirresjongers yn de Thabor tsjerke yn Hengelo, Gerrit Peuscherstraat 3, Hengelo (Hasseler es). Fan 09.30 - 11.30 oere. Nije koarleden van herte wolkom!
- Sneon 7 april** Kritejûn by Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. It Selskip Noordenbos en Ko bringt har nije programma “Ferbining”. Oanfang: 20.00 oere.
- Sneon 14 apr.** Friezedei yn it provinsjehûs yn Ljouwert.
- septimber** Kritereiske.
- novimber** Fryske tsjerketjinst.

Maitiid

It jier 2018 is al wer in aardich skoftsje ûnderweis. We ha de jiergearkomste fan de krite al wer hân. Dêrnei in echt winterke mei moai sinnich waar, mar it spande der om oft it iis sterk genôch wurde soe om op te riden. Wol prachtige ritten sjoen by de Olympische Spelen yn Súd-Korea. We geane op it foarjier ta en de Peaskedagen steane foar de doar. In wike letter ha we ús earste kritejûn by Vrieler. It kabaretselskip Noordenbos en Ko komt mei har nijste programma “Ferbining”. Yn 2012 hat de ploech ek by ús west en dat optreden hat ús skoan foldien. We tinke dat it in hiele moaie Fryske jûn wurdt. Dus oant sjen op sneon 7 april! ☐ It bestjoer

De grutte natoer en de lytse minske (Harm de Wilde)

*Teare knopkes, lang bedutsen
troch de skerpe winterkjeld
binn' troch 't sintsje iepenbrutsen
al wat libbet stiet fersteld.
Alles kleurich om ús hinne
bloeisel, blommen, wat in pracht.
Al hoe snoad de minsken binne,
dit giet boppe har macht.*



Jiergearkomste op 27 jannewaris

Dizze middei binne 37 leden oanwêzich yn it boarterstúnggebou Boswinkel. Sa as altyd begjinne we mei kofje/tee en oranjekoeke. It Fryske folksliet wurdt songen mei begelieding fan Thijs Schaap op syn akkordeon. De Twirresjongers, ûnder lieding fan Hidde Walstra, sjonge twa nije ferskes: *It kacheltsje* en *Sjonge* ek mei begelieding fan Thijs. Fan it lêste ferske kinne wy it refein meisjonge:

Sjong, sjong, de hikke fan de daam, do silst wer wat beleve.

Sjong, sjong de stjerren fan de loft! It sil fan 'e jûn wer heve!

Dan iepenet foarsitter Hendrik Tel de gearkomste en hyt elkien wolkom op de 38ste jiergearkomste fan ús krite. It ferslach fan de foarige jiergearkomste en it jierferslach oer 2017 wurde sûnder beswieren goedkard. Ponghâlder Paul Hoogendoorn jout taljochting op de sifers fan it ôfrûne jier. We ha sa'n bytsje lyk spile. Neffens de kas-kommisje hat Paul de sinteraasje kreas yn oarder. Mei hantsjeklappen giet de gearkomste dermei akkoart om Paul désjarzje te ferlienen. Omdat alles toch wol djoerder wurdt, stelt it bestjoer foar om de kontribúsje, mei yngong fan 2019, te ferheegjen fan 17,50 nei 20,00 Euro foar ien persoan en fan 30,00 nei 35,00 Euro foar in pear. Hjir-

mei gean de leden ek akkoart.

Yn it bestjoer binne Grieteke van der Veer en Paul Hoogendoorn ôftredend en werkiesber. Beide wurde werkeazen. Mei moaie wurden, geskinkebonnen en blommen wurdt ôfskie nommen fan Hendrik (en Tjesje) Tel en Ali Bonhof dy't al in hiel skoft yn it bestjoer sitten ha. Ali sûnt 1995 en Hendrik sûnt 2005. Ali bliuwt wol oan as redaksje fan de Twirre. Foarsitter Hendrik Tel wurdt opfolge troch Siebe Hiemstra, dy't in jier meirûn hat yn it bestjoer en no offisjeel beneamd wurdt. As aspirant-lid jout Joukje Eringa har op. Dit wurdt mei hantsjeklappen befestige.

De Twirresjongers kinne wol wat mear leden brûke. As der in pear leden misse op in repetyasje wurdt it ploechje wol hiel lyts, sei dirigint Hidde Walstra. Eeke de Boer fertelt wat oer de twa lêsgroepkes, dêr't sy de lieding oer hat. Kopij foar de Twirre kin ek yn it Nederlâns oanlevere wurde. Remke sil noch werris achter de besoarging fan it kriteblêd oan, want dat rint net altyd goed.

Der is hjoed net genôch belangstelling foar de Friezedei op 14 april yn Ljouwert om in bus te regeljen. Minsken dy't der hinne wolle moatte harself opjaan, it jild oermeitsje en oanjaan wêr't se oan meidwaan



Ofskie fan Tjesje Tel (links), Ali Bonhof (midden) en Hendrik Tel

wolle. Foar in kritereiske yn 'e neisimmer geane wol genôch fingers omheech. Fanwegen Ljouwert Fryslân Kulturele Haadstêd 2018, sil it reisdoel yn Fryslân lizze. Dit jier komt der wer in Fryske tsjerketsjinst, wierskynlik yn novimber. Der is daliks al in tariedingskommisje foarme.

Nei it skoft fertoeane we in DVD fan de foarstelling Simmertime út Simmer2000. We sjogge in oantal moaie nûmers fan Rients Gratama, de Kast, Piter Wilkens en Maaïke Schuurmans. Om healwei fiiven slút Hendrik de gearkomste en hy winsket ús wol thús en oant sjen!

□ Ali Bonhof

Wiisheden út it Bûsboekje 2018

't Is niet soa't lykt of skynt, maar soa't men 't sels befynt. *(Biltse spreuk)*
 Hy mut ome segge teugen de Oldehove. *(Hy is in echte Liwadder)*
 Kaekelen kan iederene, mar eierleggen? *(Stellingwerper spreuk)*
 Ast sitte wust gaast mar naar Leeuwarden. *(Harnser spreuk)*
 Nait soezen, mar broezen! *(Grinzer spreuk)*
 De vrouwluden hebben 't woord en de manluden de daod. *(Stellingwerf)*
 Se wuden en se suden, mar se dusten niet. *(Ljouwert)*
 Dy't syn eigen taal fersmyt, raakt syn diepste wezen kwyt. *(It Bilt)*

Wat ik altyd noch kwyt woe

Ja no is dan safier, op de jiergearkomste ha ik de foarsittershammer oerjûn oan Siebe Hiemstra. No moat ik der oan wenne net mear op it foarste plak te sitten. Alles hat twa kanten, ek dit. No kin ik rêstich nei in kritejûn gean sûnder my soargen te meitsjen en dat is moai. De measten fan jimme witte dat wy, myn frou Tjesje en ik, yn Dútslân wenje. Mar hoe 't wy dêr te lâne kommen binne, miskien net. No dat sil ik jim út de doeken dwaan.

Yn't koart kin ik wol sizze: út earmoede, sa as folle Friezen doedes-tiids. Wy hiene in krûdenierswinkel yn Jobbegea, it wie it jier 1970. It rûn net sa goed mei de doarpswinkels, ek by ús net. Wy hiene al trije bêrn, dat der moast wat op de planke komme. Wy woe-ne der wol mei ophâlde, mar goede rie wie djoer. Ik hie Lânbou leard en woe wol boer wurde, mar yn Nederlân wie dat o sa dreech, dat sadwaande tochten wy oan Dútslân, dêr wie it "*wirtschaftswunder*" geande. Der waard ferteld, dêr kinne jimme wol in buor-kerij hiere.

Wy der hinne en hawar, nei wat tuskenstasjons kamen wy op in pleats yn Leeden by Tecklenburg terjochte. It is dêr in prachtich stikje natoer, moaie heuvels en da-

len, mar om dêr te buorkjen net maklik. Wy hawwe ek fan alles meimakke; mei de trekker oer de kop, twa kear hat it brând, sykte ûnder de kij en noch folle mear. Ja, Hylke Speerstra hie der wol in sterk ferhaal fan meitsje kinnen, mar hy hat nea bei ús west. Dochs is it ús goed gien, en wy hawwe der mei wille wurke en wenne. Us jongste, in soan, is in Dútslân berne, mar alle bern hawwe noch in Nederlânsk paspoart. Sy hawwe harren goed oanpast en binne mei Dútsers troude. No ha wy al tsien bernsbarn.

Yn it jier 2000 wie de hier om en ha wy besletten op te hâlden mei it bourkjen. Us soan hat wat oars studearre dat sadwaande. Wy hawwe in nije wente socht yn it grinsgebiet en dat waard Gildehaus. Wy hiene fan dy hege bulten wol genôch sjoen. Al ryklik gau kamen wy yn kontakt mei de Fryske krite en nei in pear jier frege Dictus van der Woude my oft ik meidwaan woe yn it bestjoer. Ik ha doe tasein mei it betinkst dat myn frou ek meidwaan koe, sa te sizzen as pear. Ik wie doe noch oan it wurk, dat sadwaande.

De Fryske krite hat ús poerbêst fol-dien, it wie as in warme tekken om ús hinne. Wat hawwe wy moaie jûnen hân mei toaniel of kabaret en

ferjit de reiskes net. Ek it wurk yn it bestjoer wie moai, in noflike sfear en it wurk goed ferdiel. Dêrom rint it sa goed. Ik winskje de nije foarsitter Siebe Hiemstra alle goeds ta! Wês dy sels, in byt-

sje selfspot kin nea kwea, ek wat ús Frysk wêzen en taal oan giet. No, oant sjen op in kritejûn en faaks spylje ik noch wol ris it Frysk folksliet op myn hoarn.

□ Hendrik Tel

Ut it bestjoer wei, wêr bliuwt de tiid?

Yn 1995 frege Lyckle Boersma my om sitting te nimmen yn it bestjoer fan de Fryske krite. Lyckle Boersma wie doe foarsitter. It bestjoer bestie fierder út Margriet Bultstra (skriuwster), Dictus van der Woude (ponghâlder), Wopke Oldenburger en Gerrit Kramer. Gerrit kaam tagelyk mei my yn it kritebestjoer. Ik naam de Fryske Boekeferkeap oer fan Tineke van der Woude en de Twirre-redaksje fan Margriet Bultstra.

Yn it stikje “Yn ’e kunde mei nije bestjoersleden” fertelde ik doe dat myn beide bern, in soan en in dochter, op dat stuit op it punt stiene út te fleanen. No, 23 jier fier-

der, binne se beide troud en ha we twa leave skoanbern en fjouwer prachtige beppe/pakesizzers, al neame se ús wol opa en oma. Je kinne it self hast net begripe sa hurd as de tiid fleant. Krekt oan dy jonge bern sjogge je, dat je sels ek in jier as wat âlder wurden binne. Dêrom no út it bestjoer fan de krite. Ik sil noch ien kear, op 7 april, healsliten boeken en tydskriften probearje te ferkeapjen. Dêrnei doch ik allinnich de redaksje fan de Twirre noch, dus fjouwer kear yn ’t jier dwaande mei kopij, berjochtsjes, gedichtsjes, resepten en boekenijs. Sa bliuw ik toch noch aktyf belutsen by de krite.

□ Ali Bonhof

Kritereiske yn septimber

Op de jiergearkomste is frege oft we wer in reiske organisearje sille dit jier. It grutste part fan de oanwêzige leden wie dêr wol foar en de foarkar giet út nei in reisdoel yn Fryslân. De kreative datum is noch net bekend, mar yn foargeande jierren wie it meastal op de earste tiisdei fan septimber. It sil dit jier ek omtrint dy tiid wêze. Op de kritejûn fan 7 april ha wy mear ynformaasje. Binne der noch suggestjes fan de leden, dan hearre wy dat graach.

□ Grieteke van der Veer

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: WOEf, de earste letters fan Waadhoeke, Opsterlân, Eaststellingwerf en Flylân. No in puzeltsje oer skelnammen fan ynwenners fan bepaalde doarpen; se komme út in boekje fan Dirk van der Heide en ik wit net oft se no noch gongber binne, mar faaks kinne jo se noch en oars binne se maklik te achterheljen, want de begjinletters fan de wurden dy't je ynfulje moatte, foarmje yn de goeie folchoarder it wurd fan wat yn dizze tiid fan 't jier spilet.

By it ynfullen kin je kieze út:

einepiken - eksters - sipels - podden - aaidoppen - kninen.

By De Gordyk hearre

By Easterlittens hearre

By Boer hearre

By Deinum hearre

By Oranjewâld hearre

By Pitsersbierrum hearre

□ Eeke

Proses

Us nije dûmny is juster al raar te pas kommen. Sûnder erch of euvelmoed fytste er troch Bosma' steech. Dat mei net. Op in boerd is it oanjûn. Dat ús plysje it krekt sjen moast. Lit him guodlik wêze en wiis; dat ien op ljochskynde him net steurde oan 'e foarskriften, koe er net oer syn kant gean litte. It wie him syn eare tenei, om oer syn plicht mar net te praten. Dûmny berôp him der op dat er it net wist. Wy binne hjir noch mar krekt. Ik bin de nije dûmny.

Al wienen jo de sultan fan Turkije, ik meitsje gjin ûnderskie. Dûmny ek noch wol. Dan mei ik oannimme dat jo lêze kinne. As dûmny binne jo net ûnder en boppe de wet. Dêr moatte jo goed om tinke. Reitsma taaste nei boekje en pinne. Dûmny brocht by dat er nei in sike frou moast. Dêr feroare it al fan. Reitsma wie sa wis net mear. Soe er dokter ek net ride litten ha? Oannommen dat er op 'e fyts wie.

In sike frou, dan leit it oars. Hie dat fuort mar sein. En wêr moatte jo hinne as ik freegje mei? Alhielferromme sei dûmny: "Ik moat nei frou Feenstra." Nei Alberts Gjetsje kin 'k begripe. As it oars net is. Dy hat har hiele libben al siik west. Dat driuwt net op fiif minuten.

□ Paulus Akkerman út: "Wat wie 't wat"

Peaske moandei (Obe Postma, 1927)

*Jonge kearels komme sjongende de himmen út wei;
De pols op 't skouder, foarjiersdronken.
Ik bin te âld om dronken te wurden,
Mar de reade kop fan in soerstâl stek ik op 'e jas
En wiid set ik de sinnen iepen.*

*Ryk en bliid leit it lân,
Griene teisters driuwe fan 'e wâl ôf de sleatten op;
Ut it westen komt de fochtige wyn.
Efter doarpstún en hiem bliuw ik stean.
It âld stek en rou haach-guod wyld begroeid.*

*De gloaiende wâlen sa grien!
De brune sleatten fol tylpjende maitiidsgaur;
En oprinnend nei 't hege, út modder en weaze,
De hokken en stekken fan 't boere-eigen',
En tsjillen en slachters; en dan it binhûs.*

*Earen sa steatlik, no âld en skeamel!
O dit allgear' mei ien streek te omfiemjen,
- As hy dy't ik net neame sill! -
En by it bargehok stean ik as in muorre.*

Obe Postma is ien fan de grutte Fryske dichters fan de foarige ieu. It paviljoen “Obe” fan Lân fan Taal op it Aldehoustertsjerkhôf is nei him neamd.

Friededei op sneon 14 april yn Ljouwert

Op sneon 14 april is moarns de Algemiene Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens dan in lunsj en middeis de Friededei. Yn it Provinsjehûs yn Ljouwert. Kosten 30,00 Euro, sûnder iten 17,50.

Opjaan by: de ponghâlder Jan Vogel fan it Frysk Boun om Utens te Hoarn op IBAN: NL94 INGB0 0003 200 77 mei fermelding fan: namme(n), wêr't men oan meidwaan wol: - AG - Lunsj - allinnich middeis Friededei - Blokhúspoarte - Treintsje troch Ljouwert. Sjoch foar de details fan de Friededei ek op de webside fan it FBoU: www.fryskbutenfryslan.frl
Fierfier nei Ljouwert is op eigen gelegenheid. □

Kabaretjûn op sneon 7 april

Op sneon 7 april sil it kabaretselskip Noordenbos en Ko foar ús optrede yn seal Vrieler. It is de twadde kear dar it selskip by ús komt. Yn 2012 ha se by ús west mei it programma “Kleur bekenne....” En dat hat ús bêst foldien. No komme se mei it programma: Ferbining

Ferbining kin der wêze op allerhande mêd.

- Brêgen ferbine oevers.
- Fleantugen, bussen en boaten ferbine ús mei doarpen, stêden en lannen.

En hoe is dat mei ús as minsken?

- Mei de iene ha jo gauwer en yntinser ferbining as mei de oare.
- Leafde, muzyk, keunst, taal en sport kinne ferbine.
- En ferjit ek de digitale ferbining net.

Wy ferbine lietsjes en praatsjes oan elkoar en hoopje op in goede ferbining mei jimme. Us motto: *de minsken in pear fleurige oerkes besoargje!*



Spilers: Aline van der Wey - Struiksmma
Janneke Themmen - Westra
Reny zuiderveld
Klaske Kingma - Noordenbos

Oan de piano Piter Jelle van der Laan.

It lûd wurdt fersoarge troch Henk en Richtsje van den Berg.

Sneon 7 april: Kabaretploech Noordenbos en Ko mei “Ferbining”.

Plak: Seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00

oere. Yntree: Leden fergees; net-leden 9,50 Euro; studinten 5,00

Euro. Mei in gesellige ferlotting en noch ien kear, echt foar’t lêst, in boeketafel mei healsliten Fryske boeken en tydskriften.

Kabaretselskip “Noordenbos en Ko”

De woartels fan “Noordenbos en Ko” lizze yn 1979, doe’t der in revu komme moast by it 60-jierrige bestean fan de Plattelânsfroulju yn Ferwerderadiel. Klaske Noordenbos en Germ Koldyk setten dy yninoar en doe ûntstie de namme. Dy revu, “Tusken bêd en brochje”, wie daliks in súkses; dy is 66 kear spile! Dêrnei waarden der nije revu’s makke en ek faak spile; reklame hoechden se der net iens foar te meitsjen, it gie fansels. De gearstalling fan de ploech wiksele geregeld. Germ Koldyk docht no allang net mear mei, famyljeleden hiene oant in pear jier lyn in grutte rol. Klaske Kingma - Noordenbos hat altyd de teksten skreaun. En om de pear jier wie der dan wer in nij programma.

It nijste is “Ferbining” dat se no by ús spylje sille.

Buorman

Sytske is widdofrou en Teake, har bourman is widner. Se hâlde inoar faak selskip. Sa ek op in jûn yn’e hjerst, it is al wat letter wurden. Se hienen it o sa gesellich hân en Teake makket noch gjin oanstalten om nei hûs.

- Wa’t seist Syts, sil ik ek ris mei dy achter de bedsteedoarren?
- O Teake, wer hast it oer? Dat kin dochs net. Myn Jan soe him yn syn grêf omdraaie as er it fernaam dat ik mei in oare man op bêd gong.
- Kom Sytske, doch wy it fuort twa kear, dan leit er wer rjocht.



In misbegryp

Doe't yn 1618-1619 de Dordtse Synoade gearkaam, wie de dûmny fan Ljouwert, Johannes Bogerman (1576-1637), de foarsitter. Hy wie op-groeid yn Boalsert. In protte skoallen binne nei him ferneamd. It synoade-petear mei de remonstranten, dy't wat minder swier tochten oer alderhanne saken, gong muoisum. Doe't hja op in dei wer fûleindich oan it bekfjochtsjen wiene, tocht Bogerman, dit kin sa net, wy moatte earst mar es lekker mei inoarren ite. Senuweftich troch de fûlens fan it petear rôp de Ljouwerter dûmny lûd yn 't Frysk: **“Ite!”**

Spitigernôch ferstiene de gelearde remonstanske dûmny's gjin Frysk, wol Latynsk. En yn 't Latynsk betsjut “ite”: “ga!”, “gean wei!” De remonstranten ferlieten lik de synoade. It waard in skuorring yn 'e tsjerke. En sa untstie de remonstranske tsjerke. □ Siebe H. Hiemstra

Tiden hawwe tiden

14 Mei 1902 LEEUWARDEN - “De kievits-eierenhandel in Friesland, welke door velen in de provincie in het voorjaar een bestaan oplevert, is op dinsdag 6 mei beëindigd. Ofschoon er evenveel kieviten waren als de vorige jaren,



was in den beginne het getal eieren aanmerkelijk minder, het gevolg van het gure weder en den verhoogden waterstand, waardoor de lage weilanden voor een deel onder water kwamen en vele eieren zijn verloren gegaan. Eerst later, nadat de waterstand lager en het weder zachter geworden was, werd het aantal eieren grooter, op enkele dagen zelfs grooter dan het vorige jaar. Het getal, dat in het afgelopen seizoen gevonden is, wordt geschat op 80.000 à 100.000, wat, tegen een gemiddelden prijs van 20 ct. per stuk, een bedrag maakt van 16 à 20 duizend gulden aan zuiver arbeidsloon, ongerekend nog het groot aantal eieren van griet, tjirk, snip, kemphaan, enz. welke niet zoo bepaald gezocht, doch in het voorbijgaan medegenomen worden.

Niet meer dan een derde van den voorraad eieren bleef in het land, de overige werden naar het buitenland verzonden en ter markt gebracht, voornamelijk naar Engeland, Frankrijk en België; ook hadden, op bestelling, verzendingen plaats naar Weenen, St. Petersburg en Konstantinopel, zelfs naar Algiers en Egypte. De hoogste prijs der kievitseieren was in het begin van het seizoen - in het laatst van Maart - n.l. f 2,- per stuk. In dien tijd zijn geen eieren naar het buitenland verzonden, omdat men daar dien hoogen prijs er niet voor overheeft. De laagste prijs was 16 cent, maandag j.l.”

Ut it ferline fan de krite

Lêstendeis krigen we fan in goekunde wat snypsnaren oer de eardere Fryske krite yn Ynskedé (Enschede) “Fier fan hûs”, oprjochte yn 1902. Hy wie de soan fan in doetiids bestjoerslid en trof by it oprêden fan syn papieren wat kranteknipfels en programmaboekjes fan jubileumjûnen oan. Dy moasten mar nei de notiidske krite ta, fûn hy.

Yn 1952 waard it 50-jierrich jubileum fierd en waard der troch in sprekker memoreard, dat de Friezen tige warber wiene: se eksploitearjen in iisbaan, diene oan keatsen en hiene in koar en toanielgroep. Dat koar, “Us liet”, fersoarge soms hiele kritejûnen en ek in toanielstik mei eigen minsken, sa as mei harren 20-jierrich bestean yn 1951. Fan tsien jier letter, wer mei in jubileum, is der in foto fan it koar: 23 froulju yn (foar in part) Frysk kostuum en 15 manlju! En it Selskip Tetman de Vries kaam op dy kritejûn mei har nijste revue “Feestfiere is ek in keunst”. No, fleurich wie’t destiids wol op’e kritejûnen: altyd dûnsjen nei. Nei de oarloch wie der in oplibbing fan de krite: achterop it programmaboekje yn 1947 stiet: “De

lêste twa jier is it ledetal gâns omheech gien. Wy binne lykwols noch lang net wer’t we wêze moatte”. Hoe grut oft de krite ea west hat, koe ik spitigernôch net gewaar wurde. Yn 1963 is de krite opholden te bestean.

Yn deselde tiid, fan 1909 oant 1962 bestie yn Hengelo de krite “Yn ’e Frjemdte” en yn Almelo fan 1904 oant 1962 de krite “Joast Halbertsma”. Pas yn 1980 waard ús notiidske krite Freonen Fryske Kultuer oprjochte foar hiel Twente. Wa’t mear lêze wol oer de skiednis fan alle Fryske kriteren, kin fansels telâne yn it mânske boek dêroer: “Friezen yn’e Frjemdte”, gearstald en útjûn yn 2011 troch it Frysk Boun om Utens. Ik tink dat der noch in pear eksimplaren fan te keap binne. □ Eeke de Boer



(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Ljouwert Fryslân Kulturele Haadstêd 2018

Start. Op 27 jannewaris is de manifestasje Ljouwert Kulturele Haadstêd offisjeel iepene. Willem Alexander en Maxima iepenen it jier en lutsen oan in sabeare tou. Dêrmei begûnen yn hiel Fryslân de tsjerkklokken te liden. It wie dy jûn kâld en reinich waar. Toch binne yn totaal 40.000 minsken op de offisjele iepening ôfkaam. It Saailân, it Goeverneursplein en it Aldehousterstjerkhôf stiene fol. Op de trije pleinen gie in spektakulêre sjo foarôf oan de start fan it jier. Mei ljochtbliden op trije neimakke tuorren, dy't yn 'e fierte op de Aldehou liken. Nynke Laverman song it liet *Om seis ûre thús* wylst se op in hynder it plein opkaam.

Fonteinen. Op it Ljouwerter Stasjonsplein stiet in keunstwurk yn 'e foarm fan twa hiele grutte wite bernehollen. It is in fontein dy't diel útmakket fan it *11Fountains* projekt. Dat bestjut dat alle alve Fryske stêden spesjaal foar it kulturele jier in bysûndere fontein krije.



Frysk Museum. Neist de tentoanstelling oer it libben fan Mata Hari is hjir oandacht foar it wurk fan grafikus M.C. Escher dy't ek yn Ljouwert berne is. Op 28 april begjint de útstalling oer Escher.

Obe, Lân fan Taal. Op it Aldehousterstjerkhôf stiet no it paviljoen Obe, it sintrum fan Lân fan Taal. Ek in wichtich ûnderdiel fan de Kulturele Haadstêd. Yn Lân fan taal stiet meartalichheid sintraal. Der binne mear as 6500 offisjele talen op 'e wrâld. Dat wurdt fierd mei eksposysjes, aktiviteiten en eveneminten.

Foarstellingen - Marijke Muoi yn 'e grutte tsjerke, wie yn Ljouwert ien fan de iepeningsmanifestaajes. Alle kearen útferkocht, ek de ekstra foarstellingen.

De Stormruiter wurdt in grut spektakel mei hynders yn septimber en oktober. It liket ien fan de grutste kultuerproduksjes te wurden fan 2018. Bassearre op it boek *Der Schimmelreiter* fan Theodor Storm. Jos Thie hat, yn opdracht fan it Keninklik Frysk Hynderstamboek en Stichting Faderpaard, it ferhaal bewurke ta in spektakulêr muzyk-teaterstik mei hûndert Fryske hynders yn de haadrol. Plak: it WTC Expo yn Ljouwert. Der is noch folle mear te rêden yn Fryslân. Ynfo: www.2018.nl □

Resept

Tagliatelle mei rjemmesaus (foar 4 persoanen)

400 gram tagliatelle; 125 ml krêm fraîche; 400 gram kastanjesjampinjons; 150 gram rauwe ham; 1 sjalotsje; 1 tean knyflok; hantsje platte piterseelje; klûntsje bûter; piper en sâlt út 'e mole.

Bring in grutte panne wetter mei wat sâlt oan 'e soad. Sied de pasta bytgear. Snipperje yntusken de sjalot en de tean knyflok. Meitsje in klûntsje bûter hyt yn de hapkespanne (of fleispanne) en fruitsje de sjalot en de knyflok hjir súntsjes yn. Snij de sjampinjons yn plakjes. Tafoegje en al omskepjend op in wat heger fjoer brún en gear bakke. De piterseelje fynhakje en der healwei by struie, mei in bytsje sâlt. Snij de rauwe ham yn reepkes en rierd mei de krêm fraîche troch de sjampinjons. De pasta ôfjite en daliks troch de saus yn de hapkepanne rierde. Mooglik noch wat smeugiger meitsje mei in skeutsje wetter dêr 't de pasta yn sean is. Ofmeitsje mei farsk mealde piper út de mole.

□ Oernommen út: Het grote zónder zakjes & pakjes kookboek

Bloeiende wrâld

*Maitiid hinget oer de lannen
fredich en sa nuver stil,
't liket wol oft alles wachtet
'n wûnder dat no komme sil.*

*'k Hear in iere fûgel sjongen.
'k Sjoch de sinne oer it gea.
'k Rûk de earste maitiidsblommen.
Bloeiende wrâld, moaier as ea.*

*Stadich rin ik oer de paden,
fol fan frede is myn hert.
En dochs fiel ik sa'n grut langstme.
Mar wêrnei? Ik wit it net.*

Froukje Annema - Noordenbos



Boekenijs

De nacht fan Mare, Willem Schoorstra. Oer in famke fan 17 út Dokkum dat in relaasje krijt mei in jonge dy't wat âlder is. Troch dizze Thomas sil se yngeand feroarje. It is net allinne in boek oer ferslaving, mar ek oer relaasjes. Hoe kin it dat aardige minsken yn in situaasje bedarje dat se elkoar de fer-nieling yn helpe? *Priis: 19,50.*

Anna, Aggie van der Meer. Oer de roomske sakefamylje Fan it Hof dy't yn Osnabrück in gruthandel yn stoffen hat mei filialen yn Nederlân. De famyljeleden komme om bar oan it wurd. Ut al dy fragminten wurdt stikje by bytsje dúdlik dat der yn it ferline dingen bard binne dêr't de jongste generaasje ûnmooglik grutsk op wêze kin. En dan spilet de Rote Armee Fraktion ek noch in rol. *Priis: 19,50.*

It sinfol bestean, Willem Verf. Jitse en Karin sieten yn de 60-er jierren op in sosjale oplieding, beide hawwe it linkse libbensgefoel út dy tiid har hiele libben meitôge. Jitse is polityk by de sosjaaldemokraten bedarre en hat it ta boargemaster fan in lytse gemeente skopt. Karin is op lettere leeftyd polityk aktyf wurden en sit foar in miljeupartij yn de provinsjale steaten. It libben wurdt behoarlik op 'e kop set as se âlde kunde út de studintetiid tsjin it liif rinne. *Priis: 19,50.*

Wurk, Elske Schotanus. Jasper wurket yn marketing en advyswurk. De baan jout status, it salaris is goed foar in moaie wein ûnder de kont en in kreaze wenning yn in bûtenwyk. Oant - hy is dan 60 jier âld - syn sjef him op in dei bepaalde klanten net mear tafertrout. En dat is no krekt it soart fernerdering dat Jasper net ha kin. Hy pykt der tuskenút en bringt, betize as er is, trije dagen troch yn in fûgelkykhutte yn Natuergebiet De Deelen. *Priis: 17,50.*

De tredde perioade, Ferdinand de Jong. De Russyske eks-militêr Rodion Zakirov bedarret yn Sibirië. Hy krijt in relaasje mei de stewarddes Darlya Orlova. As blykt dat de soan fan Darlya in iishockeytalint fan útsûnderlike klasse is, wurdt Rodion hieltyd fierder de wrâld fan puck en stick ynlutsen. Foar dit ferhaal hat de skriuwer in reis makke nei de noardlikste iishal fan 'e wrâld, yn it Russyske Doedinka. *Priis: 19,50.*

Opfandele, Jelle Zwart. Gedichten. In nije bondel fan de nestor ûnder de Fryske dichters. Zwart dichtet linich en geef oer de krupsjes fan it âlder wurden, it bernlike, de maatskippij en oer it libben sels. Wat opfalt is it grutte oantal fersen dêr't de see in rol yn spilet. *Priis: 20,00.* □ Ali Bonhof

Witte jo dat ...

- Yn it lêste wykein fan jannewaris de Europeeske Kulturele Haadstêd 2018 festiviteiten útein set binne? It wie live te sjen op de Nederlânske tillefisy. Yn Fryslân wie men oer't algemien net sa lokkich mei dy útstjoering, foaral omt de presentator de ie-klank fan it tema, iepen mienskip, net goed útsprekke koe.
- De ekstra foarstellingen fan Marijke Muoi en fan De Stormruiter (in grut spektakelstik mei Fryske hynders, pas yn septimber en oktober) ek daliks al útferkocht binne?
- Ljouwert de titel Kulturele Haadsted 2018 dielt mei it eilân Malta?
- Jo tsjintwurdich sliepe kinne yn de tsjerke fan Skettens? De tsjerke is restaurearre en yn 'e toer, ûnder it tsjerke-oerwurk, is in sliepkeamer mei in moderne badkeamer makke dêr't oernachte wurde kin. Yn de tsjerke is ek in grêfkelder fûn fan Schelte van Aysma en syn famylje. Schelte wie kolonel yn it leger fan de Fryske Nassau's. Hy stoar yn 1637 by Breda.
- De tentoanstelling Mata Hari fan it Fryske Museum kâns makket op de priis: Tentoanstelling fan it jier? De priis wurdt útskreaun troch Museumtijdschrift, it grutste museumtydskrift fan Nederlân.
- Yn Aldegea (Sm.) in frou al 70 jier lid west hat fan it koar De Lofstem, dat 90 jier bestiet?
- Op 23 febrewaris de gemalen yn Fryslân út set binne om de iisgroei te befoarderjen? Earder wie om dy reden al in farferbod ynsteld. De reedrydskoarts begûn yn dy dagen.
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear hienen wy in foto fan Laaksum, in lyts plakje mei in haven ûnder yn Gaasterlân.

Haventsje Laaksum

*Doe't lân-hongerich folk
mei in dyk fan in streep
skieding makke
tusken noard en súd
waardst do seehaven ôf,
de see wie net mear.
Tijen sljochten it spul wat oer
en weagen it hegerop.
Fiskers mei har aak en jol
bleaunen lang om let ek wei.
Doe bist do ta dysels ynkeard,
wol markearre
dyn basalten earm
noch feilige beslettenheid.
Stiloan ferriist út 'e ferjittenis
leist no te pronk
as in toanbyld fan in dreech
ûnwis bestean.
Folkert Verbeek*

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

